

Moasje

(artikel 71 Reglement van Orde gemeenteraad Heerenveen)

Kaders Horeka Heidemeer

Dizze moasje heart by : "Vervolgstap horeca recreatiegebied de Heide"

yn de iepenbiere gearkomste fan : 25 april 2024

It folgjende riedslid tsjinnet dizze moasje yn:

Alette Kleefstra, FNP



Wy stellen fêst dat:

- It Kolleezje foarstelt om in priisfraach út te skriuwen oangeande in Horeka gelegenheid yn rekreaasjegebiet "de Heide"
- Omwenzjenden gjin beswier hawwe tsjin Horeka yn it rekreaasjegebiet "de Heide", mar wol tsjin iepeningstiden binne, nei 20.00 oere jûns.

Wy hawwe neitocht oer en fine dat:

- Omwenzjenden sa min mooglik oerlêst ûnderfine moatte fan in horeka foarsjenning yn Rekreaasje gebied "de Heide".
- De kâns op oerlêst foar omwenzjenden, letter opé jûn grutter is as foar 20.00 oere jûns.

Wy stellen de rie foar om it folgjende beslút te nimmen:

We jouwe it kolleezje opdracht om:

Yn de kaders oangeande de priisfraach foar horekafoarsjenning yn rekreaasjegebiet "de Heide", op te nimmen, dat de horeka gelegenheid yn alle scenario's ûterlik om 20.00 ticht giet.

Dit amindement is:

☐ Oannommen

☐ Fersmiten

☐ Ynlutsen

Stimferhâlding:

.. stimmen foar, riedsleden fraksje(s):

.. stimmen tsjin, riedsleden fraksje(s):

Hântekening griffier: